



WA IS HJIR DOKTER

(Wie is hier de dokter)

Klucht yn 4 bedriuwen

fan

JAN DERENE

Fryske oersetting

Gurbe Dijkstra

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

(Grimas Theatergrime verkoop)

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **WA IS HJIR DOKTER – WIE IS HIER DE DOKTER** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **JAN DERENE** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: © 2015 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **12** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten
van u te claimen, of te innen.**

PERSONAAZJES:

BART PRIK - húsdokter, mei as hobby de grientetún.

KATTY KATOEN - assistinte fan Bart, bazich type.

SJAAK SPIKER - putsjeman, simpel persoan.

HELMA SOER - pasjint 1, froulik, skiteldeftich.

DIENTJE SWIETHOUT - pasjint 2, froulik, âldere, simpele frou.

KLARA OPDEBEEK - pasjint 3, froulik, Frelle, sûnder kapsoanes.

TRUUS KLAP - pasjint 4, froulik, âldere frou, dôf.

TOOS IN DE WEI - pasjint 5, froulik, allinnesteande wat begrutlike frou.

MAJA FAN PIER - pasjint 6, froulik, lesbienne.

EDO MEIER - pasjint 7, koiffeur, eigener fan Studio Edo.

DIEDERIK FAN DE OAREKANT - swalker, oan leger wâl rekke baron.

YNKOGNITO - heimsinnige pasjint.

Fansels kin dit stik spile wurde troch 12 spilers/spylsters, mar in gruttere útdaging is it om it mei mar 7 spilers/spylsters te dwaan, dêrby hawwe 5 spilers/spylsters in dûbelrol.

Neffens it ferrin fan it stik is de meast logyske oplossing: putsjeman en heimsinnige pasjint, pasjint 1 en pasjint 2, pasjint 3 en pasjint 4, pasjint 5 en pasjint 6, pasjint 7 en de swalker.

DEKOR:

Dekor, út de seal wei sjoen. Linkerwand: foaroan doar fan it húske, achteroan, doar nei it magazyn. Rjochterwand: midden: de bûtendoar, achteroan doar nei de keuken. Achterwand: midden: doar nei de sprekkeamer.

Links op it poadium: buro mei de foarkant nei de seal, heaks hjirop is de baalje. Rjochts foar: wachtromte mei salontafel en in stik of fjouwer stuollen.

Nei eigen goedfinen fierder oanklaaie mei bygelyks posters en folders oan de muorre, in stikmannich planten en wat wykblêden en kranten op it taffeltsje.

EARSTE BEDRIUW

(moarns betiid, toaniel is leech)

KATTY: *(komt op troch de bûtendoar, docht dy achter har ticht en sjocht om har hinne)* Ik bin fansels wer earst. Elke dei itselde. Ik ha al sa faak tsjin Sjaak sein dat er ek wol es wat earder komme kin, sadat ik net alles allinne klear hoech te setten foar it sprekoere. Mar dy âlde luie oaljekoek lûkt 'm der neat fan oan. En dokter Bart is ek altyd krekt op tiid binnen. No, toe dan mar wer. *(se docht de jas út en hinget dy oan de kapstok. Se set har tas op de baalje en rint nei de wachtronte)* Earst hjir alles mar even opromje en teplak sette. *(bliuwt stean)* Alles is al kreas opromme sjoch ik, dat hat Sjaak justerjûn noch dien seker. Dat hie er dan wol es sizze mochten, dan hie 'k wol wat letter komme kinnen. Dat hat er no gewoan dien om my te pesten. Dan sil ik mar es achter it buro begjinne. *(giet achter it buro sitten, pakt in spegeltsje út de tas, besjocht harsels, pakt wat dinkjes foar it opmeitsjen út de tas en stipt har hjir en dêr wat by. Dan besjocht se harsels noch es)* Sa, dat sjocht der wer moai út. Ik mei der noch bêst wêze al sis ik it sels. En dokter Bart seit it ek alle kearen, mar oft er it mient dat wit ik eins net, want hy begjint meastal fuort dêrnei oer de slaadplantsjes, de geraniums en de appelbeammen. *(Sjaak komt út it magazyn, komt achter har rêch stil nei har ta)*

SJAAK: Al poetst der noch in oere op om, dy tearen gean net fuort.

KATTY: *(skrikt en draait har om)* Sis, hasto neat betters te dwaan as in minske sa te beslûpen? Ik skrik my dea.

SJAAK: No, witst ek es hoe't it fielt om je dea te skrikken. Dat ha ik no elke moarn.

KATTY: Hoesa hasto dat elke moarn?

SJAAK: At ik dat snútsje fan dy sjoch. Dat stiet der elke moarn sa kattich by. Do moatst dokter doch es even om in plastyske operaasje freegje.

KATTY: Dat neame se plastyske sjirurgy en neffens dokter sjoch ik der noch hiel goed út. En by soe sels in operaasje net mear helpe. Soesto der noch in bytsje fatsoenlik útsjen wolle, dan moatst de kop ferfange litte.

SJAAK: Ik fyn alles bêst at se dyn kop dan mar net brûke...

KATTY: Wat moatsto hjir sa betiid? Oars komst ek altyd op de lêste skiter en hiel faak ek noch te let.

SJAAK: Hear es even Katsje Katoen, as earste...

KATTY: ...as earste hjit ik gjin Katsje mar Katty. Hoe faak moat ik dat no noch sizze, Sjaak Spiker.

SJAAK: Ik wol bêst Katty tsjin dy sizze mar dan moatst dy ek sa hâlde en drage en net de hiele dei sitte te blazen as in kat, want dan sis ik gewoan Katsje.

KATTY: Ik doch hielendal net as in kat, moatst dokter mar es freegje.

SJAAK: Dat hoech ik dokter net te freegjen want tsjinoer him bist altyd poesleaf, mar ik sil it de pasjinten mar net freegje. Guon minsken rinne hjir gewoan de kattesykte op.

KATTY: Dat is net wier, minsken kinne de kattesykte net... Och, lit ik der fierder net op yngean, dêr bist gewoan te stom foar. Ik wol gewoan datst Katty tsjin my seist en fierder neat. Mar wêrom wiest no sa betiid fanmoarn?

SJAAK: Omdatsto elke moarn stiest te miauwen datst alles allinne dwaan moatst. Ik tocht by mysels, kom, ik sil se es in kear ferrasse, mar dat wurdt blykber net op priis steld en it sil wol by ien kear bliuwe, bin 'k bang.

KATTY: No, atst oars neat kinst as my foar kat útskelle, dan ha ik leaver datst hielendal net mear komst en bring my no mar kofje.

SJAAK: Okee, in kopke kofje foar ús poeske. (*ôf nei de keuken*)

KATTY: (*ropt him nei*) Ik hjit Katty... Och, lit ek mar. Tsjin sa'n ezel is gjin krûd woeksen. Ik kin mar better neat mear sizze, want hy hâldt doch net op fan pleagjen. En dokter Bart grypt ek al net yn. (*se besproeit har ryklik mei parfum*) Ik ha nije parfum kocht. Litte we mar es sjen wa't we fanmoarn op it sprekoere ferwachtsje kinne. (*giet achter it buro sitten en sjocht dossiers en oare papieren troch*)

SJAAK: (*op mei blêd mei in kopke*) Asjebleaf majesteit, in kopke kofje. (*set it foar har del*) De katemolke wie op, dus ik ha der mar gewoane molke yn dien. (*bliuwt stean, stekt de noas yn de loft en snúft oerdreaun*) Wat is hjir oan de hân? It is it húske net wol dat sa stjonkt? Sis, Katsje, rûksto dat no ek? It rûkt nei gloar of sa. (*rint nei it húske, docht de doar iepen en rûkt*) Nee, dêr komt it net wei.

KATTY: (*gûlt fan lilkens*) Do smoarge goare pestkop. Watsto rûkst dat is myn nije parfum: Soir de Paris. Dat is Frânsk en betsjut safolle as jûn fan Parys.

SJAAK: Ho, dan begryp ik dat it sa stjonkt. Dan falt it my eins noch ta.

KATTY: Meitsje datst hjirwei komst, foar dat ik begjin te goaien. Daliks at dokter der is, sil ik him es sizze wat foar in ferfelende âld futter datst bist.

SJAAK: *(nei de keukensdoar)* Ik gean al. Ik gean al. Ik driuw op dy stank fan Parys fansels nei de keuken. *(makket swevende bewegingen mei de earmen, ôf)*

KATTY: Wat is dat doch in strontferfelend figuer. *(se sproeit noch mar es wat parfum oer har hinne, dreamerich)* Dokter Bart sil dit luchtsje wier wol lekker fine. *(blêdet noch wat yn de papieren)*

BART: *(op troch de bûtendoar)* Goemoarn, Katty. Lekker sliept fanke? Do sjochst der wer fris en fruitich út. *(stekt de noas omheech en snúft)* Sjaak is ek al betiid oan 't spuitsjen west rûk ik wol. In nij luchtsje seker. Sis, witsto wêr't er ergens úthinget? Ik moat noadich syn rie har oer myn tomaten.

KATTY: Sis, dokter Bart, ik moat it noadich es even mei jo oer Sjaak hawwe, hy...

SJAAK: *(komt út de keuken)* Ha, dokter Bart. Wer klear foar de striid? No, Katty wol hear, dy sit wer hielendal yn de wolken, netwier fanke? Kofje dokter?

BART: Yn de wolken? Hoe bedoelst dat?

SJAAK: Rûke jo dat dan net, dokter.

BART: O, binne dat de wolken fan Katty dy't ik rûk. Ik tocht al datsto nij rûkersguod foar 't húske kocht hiest. *(Katty sjocht hiel lilik makket de hannen ta in fûsten)* Sis, mar foar datst my kofje bringst. Ik woe dy noch wat freegje oer de tomaten. Der hingje in hiel soad tomaten oan, mar se bliuwe sa ferrekte lyts. Wat kin ik dêr oan dwaan?

SJAAK: Doe't se bloeiden hiene jo se dievje moatten. Dat is gewoan wat fan dy blomkes fuorthelje. No sitte der fiers tefolle oan en moatte se it iten en drinken mei tefolle diele, snappe jo? Dat is itselde as mei minsken dy't in soad bern ha, dy moatte it ek mei in soad diele. Dêrom skriuwe jo se doch in antyfriesmiddel foar, is 't net?

BART: Antyfriesmiddel?

KATTY: Och dokter, dy stommeling bedoelt antykonsepsje. Ik begryp net dat jo yn sa'n ien noch war freegje doare.

BART: No Katty, fan dokterssaken hoecht Sjaak gjin ferstân te hawwen. Dêr witte do en ik alles fan ôf, of net? Mar even wat oars. Hasto kopyen fan ús identiteitsbewizen yn de administraasje?

KATTY: Jaseker dokter, dy kin ik sa pakke.

BART: Mei ik dy dan even fan dy, ik moat se opstjoere.

KATTY: *(pakt papieren út in map en jout dy oan Bart)* Sis mar wêr't ik se hinne stjoere moat, dan regelje ik it wol.

BART: Nee, dan moat ik diskear sels even dwaan.

SJAAK: Moat myn idee - papier ek opstjoerd wurde? Dêr bin ik eins net sa foar. Je hearre dêr sokke rare ferhalen oer.

BART: Ja, dy fan dy moatte der ek by, do wurkest hjir ek.

KATTY: No ja, wurkje. Omhingje, dat komt der tichter by. Mar wêrom moatte al dy papieren opstjoerd wurde?

BART: Wy moatte screened wurde.

SJAAK: Screened? Wat is dat?

KATTY: Dokter bedoelt dat se ús ferline ûndersykje wolle.

SJAAK: O, do bedoelst dat ús doopseel lichte wolle. No, dan ha ik leaver dat jo dat papier fan my net opstjoere.

BART: Hoesa? Hasto dan wol es wat ferfelends dien yn it ferline?

SJAAK: Ja, nee, ja, sjoch, ik ha wol es wat omprutst mei de útslaggen fan de dowewedstriden.

KATTY: No sjogge jo it sels dokter, watfoar krimineel at dy prutser is.

SJAAK: Tink do der mar om, want at se dy foto fan dy sjogge dan tinke se grif dat se foar de gek holden wurde. In pasfoto fan in katekop.

KATTY: No moatst net te fier gean Spiker, want oars sil ik hjir en dêr es even falle litte datsto mei de útslaggen fan de downen omprutst hast.

SJAAK: Sis, mar dat dochst doch seker net?

KATTY: No, ik soe mar útsjen. Mar dokter, wêrom moatte wy screened wurde?

BART: *(it is te sjen dat er wat betinke moat)* No, dat is in nije regel yn de soarch. Mar genôch hjiroer. Trouwens Katty, at ien fan dizze dagen in sekere Albatros bellet, wolst 'm dan daliks trochferbine?

KATTY: Ek at jo mei in pasjint dwaande binne? *(skriuwt wat op)*

BART: Ek at ik mei in pasjint dwaande bin. No Sjaak, oan 't wurk. *(Sjaak ôf nei de keuken. Bart sjocht by Katty op it buro)* Ha, ik sjoch dat de nije túnkatalogus der is. *(pakt dy fan it buro en blêdet der yn)*

KATTY: Dokter, kinne jo net es wat oan dat pesten fan Sjaak dwaan, dat giet de hiele dei mar troch, fan Katsje hjir en Katsje dêr. Ik bin der sa stadichoan mear as sêd fan.

BART: *(sit op kop en earen yn de katalogus)* Psychiater.

KATTY: Ja, dat is in goed idee. Stjoer 'm mar es nei in psychiater.

BART: *(sjocht no op)* Wa?

KATTY: No Sjaak, dêr ha we it ommers oer.

BART: O, no ik tocht eins mear oan dy. *(nei de sprekkeamer, ôf)*

KATTY: Ik? Moat ik nei de psychiater. Neffens my bin ik folslein normaal. Ik bin net deselde dy't pest. Ik bin allinne mar slachtoffer. It moat doch net gekker wurde. De gek stjoert de normale nei de psychiater. Dat is de wrâld ferkeard om. En ik wie noch wol sa gek

op dokter Bart. No, hy kin it fan ôf no moai ferjitte. Ik bin hielendal klear mei him.

EDO: *(op troch de bûtendoar)* Goemoarn juffer. Ik ha juster belle foar in ôfspraak, witte jo noch? Edo Meier is de namme.

KATTY: Tinke jo dat ik dat allegear ûnthâlde kin. Der belje safolle minsken foar in ôfspraak. *(siket dossier)* Klachten?

EDO: Ja, ik ha seker klachten, oars kom ik hjir net.

KATTY: Ik bedoel watfoar klachten.

EDO: Wat mei de fuotten.

KATTY: Wat is der mei de fuotten?

EDO: Dat bepraat ik leaver mei dokter. Jo binne dokter net, wol?

KATTY: Nee, ik bin dokter net, mar de assistinte.

EDO: Sis, kreas ding, wat bist somber en it is noch wol sa'n moaie dei. Hoewol *(sjocht om him hinne)* no't ik om my hinne sjoch, kin ik net sizze dat it hjir sa'n ynspirearjende omjouwing is. Wat sit sa'n kreas ding as do hjir te ferkommerjen achter de baalje by in húsdokter?

KATTY: Ik ferkommerje net. Ik wurkje hjir.

EDO: Ik soe sizze, flean der es út fanke. Sil ik dy es in oare omjouwing sjen litte? Sil ik dy es fan it paradys priuwe litte?

KATTY: Bestiet it paradys dan noch? Ik tocht dat dat wat fan froeger wie, fan Adam en Eva.

EDO: No, it bestiet no ek noch hear, allinne moatst der wol wat foar dwaan om it te finen. No, wat tinkst der fan?

KATTY: Ynteressant, en wat stelle jo dan foar?

EDO: Dat ik dy jûn ophelje, hearlik mei dy út iten gean en wa wit wat der noch achteroan komt.

KATTY: No, ik wit it net hear. Ik gean net samar mei de earste de bêste man mei.

EDO: Mar ik bin ek net de earste de bêste. Ik bin koiffeur.

KATTY: Jo binne gewoan kapper.

EDO: Noait heard fan Studio Edo. Ik ha in bulte bekende Nederlanners ûnder myn klanten, TV- stjerren en artysten.

KATTY: Liket my leuk, mar jou my even de tiid om der oer nei te tinken.

BART: *(op út de sprekkeamer mei in brief dy't er oan Katty jout)* Katty, soargje der foar dat dizze brief hjoed noch ferstjoerd wurdt. Wa is de earste pasjint en mei ik syn dossier.

KATTY: Dat is dizze menear, dokter, menear Meier.

BART: *(pakt it dossier en jout Edo de hân)* Dei menear Meier, komme jo fierder. *(ôf nei de sprekkeamer)*

KATTY: *(besjocht de brief, lêst)* AIVD. De Algemene Inlichtingen- en Veiligheidsdienst? Soene dêr dy identiteitsbewizen yn sitte? *(se hâldt it kefert tsjin it ljocht)* Ik fyn it mar frjemd. *(leit de brief del)* No, dan sil ik doch earst even sjen oft dy mear Edo my net foar de gek hâldt. Es even yn de Gouden Gids *(of google)* sjen oft ik Studio Edo fine kin. *(blêdet yn it telefoanboek)* Sjoch, dêr hast 'm: Edo, haar- en huidstudio. Moat ik miskien doch mar es dwaan, wa wit.

HELMA: *(op troch de bûtendoar, hat in jurk of in rok oan)* Dei, juffer.

KATTY: Dei mefrou. Jo namme graach.

HELMA: Soer. Ik bin Helma Soer.

KATTY: O, frou Soer. Wat binne jo klachten?

HELMA: Ik ha in seare foet, of better, hegerop docht it sear Dat kaam sa...

KATTY: Dat hoech ik allegear net te witten, gean dêr mar even sitten. Dokter komt sadaliks.

HELMA: *(Helma giet yn de wachtrumte sitten)* Wat in meilijbend type sis.

SJAAK: *(komt út de keuken en leit in krante op it taffeltsje fan de wachtrumte)* Dei mefrou. Wat sjogge jo benaud. Jo hoege net bang te wêzen foar dokter, hear. Dokter is in sachtsinnich man.

HELMA: No, ik hoopje dat er freonliker is as dy juffer dêr.

SJAAK: Och, dat moatte jo har mar net kwea ôf nimme. Dêr kin se neat oan dwaan. Sa is se no ien kear op de wrâld kommen. Dat is in ôfwiking yn de sjenyen.

HELMA: Yn de genen sille je bedoele.

SJAAK: Sa't jo wolle mefrou. Mar, sa't ik al sei, dokter Prik is in freonlik man.

HELMA: No, ik ha echt pine hear.

SJAAK: O, dat is ferfelend mefrou. Dêrom sitte jo hjir nei alle gedachten ek.

HELMA: Hjir docht it sear. *(wriuwt oer in plakje achter op it bil, wat leger as de kont)*

SJAAK: De kont dus. Eins.

HELMA: No ja, at jo it sa neame wolle. 't Is mear de bilbonke. De kont sit heger tocht ik. *(wiist oan)*

SJAAK: O, no ja, dy mei der ek bêst wêze trouwens.

HELMA: Fine jo? No, it sit dus net yn de kont mar yn de bilbonke. Sjoch dat kaam sa. Ik moast de lampe ôfstofje en dêr kin ik net goed by. Ik moat earst it taffeltsje ferskove foar dat ik de trep kwyt kin. Mar dat taffeltsje is swier en ik wie allinne. Doe ha ik in kleedsje op it taffeltsje lein en bin der op stean gongen. 't Is eins krekt sa'n taffeltsje as dit hjir. Sil ik it es foardwaan?

SJAAK: Wol ja mefroutsje.

HELMA: Der leit allinne gjin kleedsje op dit taffeltsje en dat is doch wol fan essinsjeel belang.

SJAAK: O, mar dat is sa oplost. (*hy hellet in reade bûsdoek út de bûse en leit dy op it taffeltsje*) Sa sawat?

HELMA: No ja, net hielendal, want it wie in wyt kleedsje en dit is in reade fodde. Mar toe dan mar, soms moatte je je behelpe, netwier. (*se klimt op it taffeltsje*) Myn taffeltsje is trouwens wol wat heger, neffens my.

SJAAK: Kinne jo net by de lampe?

HELMA: Wat lampe?

SJAAK: Dy't jo ôfstofje moatte.

HELMA: Hjir hinget alhiel gjin lampe, idioat. Mar litte we dwaan as at hjir in lampe hinget. (*se makket mei beide hannen in beweging*)

SJAAK: In betink lampe dus.

HELMA: In betink lampe? Hâlde jo my foar de gek?

SJAAK: Seker net mefrou. Ik leef my yn yn jo situaasje.

HELMA: O, no begryp ik wat jo bedoele. Ik ha mei in analfabeet te krijen. Jo bedoele in tinkbyldige lampe.

SJAAK: Dat is 't mefrou, ik koe net op it wurd komme.

HELMA: No, ik stean dus op dat taffeltsje en stofje dy lampe ôf en doe't ik klear wie stap ik sa mei ien foet fan it taffeltsje ôf. (*se wol ien foet fersetse*) Help my no even, want ik wol it net noch in kear meimeitsje.

SJAAK: Ja, mar dan wit ik noch net hoe't it gebeurd is.

HELMA: Help my der earst mar ôf, ymbesyl, dan sil ik it jo útlizze. (*Sjaak tilt har fan it taffeltsje ôf en hâldt har ryklik lang beet*) Set my no mar del. (*Sjaak set har del*) Sjoch, doe't ik der ôfstapte stie de iene foet al op de grûn en de oare stie noch op it taffeltsje. (*se tilt de iene foet boppe it taffeltsje*) En trochdat ik skeef stie, skode it kleedsje dêr't de foet op stie, fuort en doe skeat it der yn en sûnt dy tiid ha ik pine, snappe jo?

SJAAK: Ja, ik snap it. In útrekte spier. Wolle jo it kleedsje noch brûke?

HELMA: Nee, nim jo bûsdoek mar mei en wat jo sizze: in útrekte spier. (*Sjaak docht de bûsdoek yn de bûse*)

SJAAK: Ja, gewoan in spier dy't wat útrekt is.

HELMA: Jo bedoele in ferrekte spier. Sis, jo moatte doch es wat oan jo taal dwaan hear. Miskien moatte jo wol op sa'n kursus ynboargerjen. Dy binne op dit stuit populêr hear ik.

SJAAK: No, dan sil ik mar wer es oan 't wurk. En sit der mar net oer yn, dokter krijt dy spier wol wer yn 't fatsoen. (*ôf*)

HELMA: Wat in frjemde kwibus, neffens my is dy net goed by de holle.

KLARA: *(op troch de bûtendoar, de rjochterpols yn it ferbân)* Dei juffer. Ik wol graach dokter even te wurd.

KATTY: Ha jo in ôfspraak makke mefrou?

KLARA: Hoesa, ôfspraak makke? Ik nim him net mei út iten hear. Ik wol allinne dat er even nei myn pols sjocht.

KATTY: Jo namme is?

KLARA: Klara Opdebeek. Frelle Klara Opdebeek, miskien helpt dat.

KATTY: Binne jo pasjint by dokter Prik mefrou?

KLARA: Al langer as datsto allinne pisje kinst jongfaam. Hy hat my noch holpen doe't ik de bern krige.

KATTY: *(siket yn de kast tusken de dossiers)* Hjir ha ik 'm. Wolle jo tenei fan tefoaren in ôfspraak meitsje, mefrou?

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto